

R. Jongema fan De Ryp waerd kening-ljepper yn Winsum

IT WIETSTE PLAK yn Fryslân wie sneontomiddei grif wol Winsum. Keppels minsken lieten har dêr troch wiet reine om to sjen, hoe't fierljeppers út eigen doarp en fiere omkriten har yn de wiette stoartten. It wie de greate polsspringwedstriid, dy't it Boun fan Fryske Fûgelwachten yn Winsum foar syn leden op tou set hie. De wetterrees wie alhiel útband by dit unieke ljepteest. Mannen, jongleinten en jonges stoarmen mei mannemoed en oergriislike fûlens op in pols ta, dy't earne yn in brede feart stie en slingeren har der oer of, hwat folle faker barde, der midden yn. It publyk libbe mei eltse sprong mei, hwant eltse sprong hie wer syn eigen sensaesje.

Legendaryske sprong

Dy keningsprong fan Jongema sil jit lang oer praet wurde yn Winsum en omkriten. De man út De Ryp — lyts, mar ien bonk spieren en mei in fûleindige wil om to winnen — hie yn it begjin fan 'e middei, doe't er yn syn eigen klasse ljepte (manlju fan 36 ont 45 jier) oer in sawn meter brede feart al in greate prestaesje leverde; hy wie der fier oerkomd nettsjinsteande it feit, dat de rein de pols sjippeglêd makke. Mar de greate Klaes Jepma út Winsum hie yn dizze klasse jit fierder sprongen.

Nou wie dizze wedstriid sa regele, dat der op twa plakken ljept waard: earst by it keatsterrein efter 'e tsjerke oer in sawn meter brede feart, dy't foar jonges ont en mei sechstjin jier en foar manlju boppe de 35 jier ornearre wie en letter oer de binei tsien meter brede feart midden yn 'e buorren op it „Nije Dok“, dêr't de klassen jonges fan sawntjin ont en mei 23 jier en manlju fan 23 ont en mei 35 jier oerhinne moasten. Foar dizze beide klassen wie in wikselbeker biskikber steld foar de fierste sprong. As der lykwols immen wie út 'e klasse fan manlju tusken de 35 en 45 jier, dy't ek meispronge woe om dizze beker dan koe dat; hy moast dan ek oer deselde feart as de beide jongere klassen, mar krige de beker definityf as er de fierste sprong makke. Klaes Jepma en Rients Jongema bisletten om dit to bisykjen.

Earst 44 kij

Foar Rients Jongema wie dat lykwols gjin kleinichheit. Hy hie syn buorman op 'e Ryp nammentlik ûnthjitten, dat er syn kij neimelke soe (de buorman hie in melkmesine). Sa fleach er, nei't er yn syn eigen klasse ljept hie, nei De Ryp, molk der 44 kij nei en waerd doe wer op 'e motor — syn broer, de hear L. Jongema út Jorwert, helle him op — nei Winsum brocht. Tild om to hanwaskjen hie er net mear. Sa makke hy him klear foar de sprong. Soe er it hâlde kinne tsjin de jongkeardels, fan hwa't inkelden al droech oer de feart

kommen wiene en dermei in sprong makke hiene fan binei tsien meter?

Hy strûpte de boksen omheech, sette de bril jitrif rjocht op 'e noas. Midden yn 'e feart stie de pols, op syn plak hâlden mei twa oare polsen. Tusken in hage fan minsken troch moast hy op dy pols ta stouwe en dêrmei oer it wetter saeije. As in liuw makke er him klear foar de sprong — ien en al konsintraesje. As in pylk fan 'e bôge stoarme hy op 'e pols ôf, as in tiger sprong hy yn de pols op. Heech slingere er syn lichem op en mei in machtige sprong kaem er op de oare wâl torjochte. Der fier oer! It folk jubele. De karmasters metten: tsien meter tweintich! Twa en tweintich sentimeter fierder as de bêste fan de jongerein, G. Jonker út Grou, dy't 9.98 meter sprongen hie en fiif en tweintich sentimeter fierder as Klaes Jepma. In keningsprong! Rients Jongema fan 'e Ryp hie de wikselbeker definityf woun!

De sawn-meter-klasse

Der waerd, sa sein, ljept yn ûnderskate leeftiidsklassen, meiïnoar sawn. By de jonges ont en mei trettjin jier waerd C. van der Velde út Winsum, dy't yn 'e flotgerzen tolânne kaem en it dêrmei fierder brocht as mannich âldere, earste. Twadde wie D. van der Kooi út Marssum en trêdde de lytse P. Tuinman út Marssum.

By de jonges fan fjirtjin ont en mei

sechstjin jier kaem E. Jongema út Winsum der beide kearen fier oer. De lytse R. B. Span út Stiens ljepte fûleindich en waerd twadde en H. Bakker út Birdaerd trêdde. De manlju boppe de 35 jier moasten oer itselde ein feart — sa'n sawn meter breed — as de jonges. Yn 'e klasse manlju fan 36 ont en mei 45 jier waerd Klaes Jepma út Winsum mei in machtige sprong earste. Rients Jongema út De Ryp kaem der ek fier oer en waerd twadde. De trêdde priis wie foar Sipke Wielinga út Wergea, dy't krekt mei de hakken oer de sleat kaem.

By de manlju tusken de 46 en 55 jier ploempten der forskate midden yn. It reinde bytiden dat it eaze en de pols wie sjippeglêd. Earste waerd S. P. Zwart út Wer-

As de ljepper der droech oer kaem, wie dat wol sa'n prestaesje, dat it folk optein wie en as er der yn ploempte dan wie it publyk ek net ûntreden.... It wie in kostlike wedstriid, nettsjinsteande it strieminne waer oan it begjin fan 'e middei, mei in ûnforjitlike klmaks oan 'e ein. Hwant nei't de ljeppers oer en yn in binei tsien meter breed wetter ljept hiene op in wize, dy't biwûndering fan eltsenien ôltwong, brocht de hear Rients Jongema út De Ryp it folk op 'e rin troch mei in hast boppe-minsklike sprong fan 10,20 meter oer de feart to ileanen, hwermeit hy kening-ljepper fan 'e middei waerd.

gea. De twadde priis wie foar J. Planting út Winsum en de trêdde foar L. van der Kooi út Marssum.

Der diene trije Winsumers mei yn 'e groep fan 55 jier en âlder. I. J. A. Jongema woun de earste priis. Twadde waerd J. Kuipers en trêdde P. Kuiken.

De tsien-meter-feart


Nei dizze groepen moasten der jit twa klassen ljepte yn 'e buorren by it „Nije Dok“ oer de „tsien-meter-feart“: jonges fan sawntjin ont en mei 23 jier en manlju fan 24 ont en mei 35 jier. De jonges kamen in moai ein hinne; allinne Th. Heegstra út Burgum skeat der kopûnder yn.

G. Postma út Grou soargde foar in sensaesje troch mei syn earste sprong in skoft yn 'e loft hingjen to bliuwen; hy koe net oer it deade punt hinne komme mar draaide op 't lêst hiel langsaem oer 'e wjuk. Mei syn twadde sprong klom er ûnder it ljeppen wel as in kat yn 'e pols op en kaem der binei oer. Hy woun yn dizze groep de earste priis. Twadde wie Joh. van der Meulen út Marssum en trêdde G. Bakker út Winsum.

De groep fan 24—35 jier brocht jit mear sensaesje. A. Bijlsma út Britsum glied healwei de feart stilwei by de pols del as hearde it sa en wie in hiel hoart net mear to sjen. J. Terpstra út Birdaerd fleach twaris kopûnder. L. Folkertsma út Birdaerd stie in skoft foar it brede wetter en sei: „As ik op de helte kom bin ik net ûnfortúnlik. Hwat bin ik bliid dat myn famylje hjir net by is!“ Mar hy sprong der de earste kear hast en de twadde kear hielendal oer en woun de twadde priis mei dizze sprong (9.88 meter). G. Bijlsma út Koarnjum skeat de earste kear fuortdaliks kopûnder mar kaem de twadde kear moai fier hinne — 9.64 meter en in trêdde priis. De earste priis wie yn dit formidden foar G. Jonker út Grou, dy't in machtige sprong fan 9.98 meter makke. Mar Rients Jongema makke oan har kânsen op 'e wikselbeker mei ien slach in ein....



Rients Jongema, kening-ljepper yn Winsum, yn syn elemint: in Herculessprong oer de sawn-meter-feart.



Dit wie it lot fan forskate fierljeppers. De taskôgers waerden troch de rein binei krekt sa wiet.